



201020.Anker-Van der Goot

Oan: mr. Wim Anker, mr. Hans Anker & mr. Tjalling van der Goot
Oksekop 11
8911 LE LJOUWERT
info@ankerenanker.nl

Drachten/Itens, 20 okt. 2020

Ûnderwerp: yn it libben roppen fan in juridyske begeliedingsgroep foar de Fryske taal en Fryske skiednis yn it ûnderwiis yn Fryslân

Achte mr. W. & H. Anker en mr. Tj. van der Goot,

It sil jimme út alle mooglike boarnen net ûntgien wêze dat it mei it ûnderwiis yn de Fryske taal en skiednis lang net goed giet op de skoallen. Dat is koartlyn wer ris befêstige troch in komitee fan de Ried fan Europa yn harren 6de rapportaasje. It docht hieltiten mar wer bliken dat de lanlike en provinsjale politisy en beliedsmakkers net de besluten nimme (wolle) dy't nedich binne om de Fryske taal en syn eigen skiednis in *lykberjochtige* en *lykweardich* plak te jaan yn de Fryske maatskippij en it ûnderwiis. Om dy reden bestiet der sûnt 1987 in *Feriening Frysk Underwiis* [FFU] (www.ffu-frl.eu) en sûnt in pear jier in in *Stifting* en in *Boargeraksgroep 'Sis Tsiis'* (www.sistsiis.frl). Beide organisaasjes litte geregeld fan harren hearre op dat mêd, mar de 'echte' fertuten bliuwe út. Boppedat is der sûnt in pear jier noch in 'Stifting it Ûnderwiisfûns foar de Fryske Taal'.

It liket ús dan ek needsaaklik om neist dat 'politike' front ek te kommen ta in 'juridysk' front om de goede saak flugger en effektiver te 'befjochtsjen'. Dêr hawwe wy lykwols net de goede kennis en kunde foar. Wy soene sadwaande graach yn kontakt komme mei in stikmannich betûfte Fryksinnige advokaten dy't ús helpe wolle om nei te gean hoe't de (grutte) efterstelling fan it ûnderwiis yn it Frysk trochbrutsen wurde kin. En dan komme jimme nammen by ús as earste yn it fizier. Wy hawwe te min kennis op it mêd fan ûnderwiis yn it ramt fan it ynternasjonaal rjocht en fan it Europeesk Hânfêst yn relaasje ta de Nederlânske wetjouwing. As frijwilligersorganisaasje(s) mei net of amper jildmiddels soene wy mei jimme ek sykje wolle nei oplossings foar de finansjele kant fan de saak.

Graach soene wy mei in lytse delegaasje in persoanlik petear mei jimme hawwe wolle oer ien en oar, ek al makket de koroanatiid dat grif wat lestiger op it stuit.

Hjirûnder jouwe wy wat fierdere ynformaasje (mei oanklikmooglikheden) as earste oriïntearing op it mêd.

Meie wy meikoarten jimme beskje yn 'e mjitte sjen?

Yn ferhopinge,
mei rju achtinge en freonlike groetnisse,

drs. Sytze T. Hiemstra (skriuwer FFU, foarsitter Stifting 'Sis Tsiis', skriuwer 'Stifting it Ûnderwiisfûns foar de Fryske Taal')

Pier Boorsma (Frysk skriuwer en lid boargeraksgroep ‘Sis Tsiis’)
drs. Piter Dykstra (pongjâlder ‘Stifting it ûnderwiisfûns foar de Fryske Taal’ en bestjoerslid St. ‘Sis Tsiis’)
drs. Thomas Dykstra (foarsitter *FFU*, foarsitter ‘Stifting it ûnderwiisfûns foar de Fryske Taal’)
dr. Jehannes Elzinga (bestjoerslid *FFU* en lid boargeraksgroep ‘Sis Tsiis’)
drs. Kerst Huisman (histoarikus en lid boargeraksgroep ‘Sis Tsiis’)
Ed Knotter (skathâlder *FFU*, skriuwer/skathâlder St. ‘Sis Tsiis’)
Willem Riemersma (lid boargeraksgroep ‘Sis Tsiis’)
Geart Tigchelaar MA (bestjoerslid *FFU* en lid boargeraksgroep ‘Sis Tsiis’)

Korrespondinsjeadres:

drs. S.T. Hiemstra
Gerben Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN
0512-518927
ffupost@hotmail.com en sthiemstra@gmail.com

Oanfoljende ynformaasje:

In protte ynformaasje oer de striid foar de Fryske taal, skiednis en kultuer is te finen op it webstek fan de *Feriening Frysk ûnderwiis*, tiidrek 2003-2020: www.ffu-fri.eu.

In beheinde opsomming:

2008: Yn 2007/2008 is troch ús en oaren in *Oanfalsplan Frysk* skreaun: [FFU-Oanfalsplan Frysk, 2de pr.291008.pdf](#) en dêr is noch net folle fan realisearre troch de lanlike en provinsjale beliedsmakkers en politisy.

2017/2018: *FFU*-skriuwer drs. Sytze T. Hiemstra hat 4 (ferfolch)artikels skreaun ûnder de titel: *‘It Europeesk Hânfêst’ en it ûnderwiis yn it Frysk oan wjerskanten fan de steatsgrins, benammen yn ferbân mei de mooglikheid ta it oanspannen fan juridyske prosedueren (I), (II), (III), (IV)’,* te finen yn it tydskrift *Nij Frisia*:

1. nû. 3, 2017 (dl. I, s. 11-20): <http://ffu-fri.eu/PDF/nijfrisia4-17.compressed.pdf>
2. nû. 4, 2017 (dl. II, s. 15-21): <http://ffu-fri.eu/PDF/nijfrisia4-17.compressed.pdf>
3. nû. 1, 2018 (dl. III, s. 15-21): <http://ffu-fri.eu/PDF/180503.def.nijfrisia1-18-2.compressed.pdf>
4. nû. 2, 2018 (dl. IV [lêste], s. 15-21): <http://ffu-fri.eu/PDF/180803.def.nijfrisia2-18.compressed.pdf>

2018: *FFU*-foarsitter drs. Tom Dykstra hat in brosjure skreaun oer de ferbjusterjende omgong fan de Fryske beliedsmakkers en politisy mei de keardoelen Frysk ûnder de titel: *‘Makabere dûns om de keardoelen Frysk hinne, in oersjoch fan hoe’t polityk (oerheid) en skoallen omgeane mei de keardoelen Frysk foar it basisûnderwiis yn it tiidrek 1993-2017’* (<http://ffu-fri.eu/PDF/Makabere.duns.ferzje.2-180827.compressed.pdf>).

2020: It *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden* hat in kommisje fan saakkundigen dy’t op 17 oktober 2019 Ljouwert (Provinsjehûs) besocht hat (sjoch fierder ek by Aktiviteten & Brieven [FFU-webstek: 17-10-2019]). De *Feriening Frysk ûnderwiis* wie net útnûge, mar hat yn it ramt fan de *BoargerAksjegroep ‘Sis Tsiis’* (BAST) op 17 oktober 2019 op de stoepe fan it Provinsjehûs te Ljouwert demonstrearre ta gelegenheid fan de besite fan it *Committee of Experts* (CoE) fan de *Ried fan Europa*. Dy kommisje moat him ynformearje litte oer it al of net it neilibjen fan it *Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen*.

Dat hânfêst is foar it Frysk en de Fryske skiednis noch lang net goed ymplementearre en dat hat de BAST-aksjegroep (ynklusyf de FFU) op 17 okt. 2020 op 'e stoepe fan it Provinsjehûs oan it CoE witte litten en harren in mapke mei krityske stikken oerlange, û.o. in fjouwertalich struibrief (<http://ffu-frl.eu/PDF/191017.def.BAST-FFUfoldertekstENDF.logo.pdf>) en in bydrage fan FFU-foarsitter drs. Tom Dykstra en FFU-skriuwer drs. Sytze T. Hiemstra foar de CoE oer it sterk tekoartsjittende ûnderwiisbelied fan de nasjonale en provinsjale oerheid oangeande it ûnderwiis yn it Frysk en de Fryske skiednis: [http://ffu-frl.eu/PDF/191013.191029.\[3\]def.bydr.TD-STH.FFU-BAST.17.okt.CoE.Ing.en.Ned_.pdf](http://ffu-frl.eu/PDF/191013.191029.[3]def.bydr.TD-STH.FFU-BAST.17.okt.CoE.Ing.en.Ned_.pdf) (sjoch ek FFU-webstek: 17-10-2019, útgien).

Klik op: <https://rm.coe.int/netherlands-6th-report-ecrml/16809f0bad> om de 6^{de} rapportaazje fan de CoE te iepenjen (Nederlânsktalich). It rapport hat 27 siden en wy jouwe hjirûnder de wichtichste feroarings en oanbefellings op it ûnderwiismêd wer:

Wizigingen in de evaluatie ten opzichte van de vorige monitoringcyclus (s. 15)

65. Met de ontwikkeling van lesmateriaal dat de geschiedenis en cultuur van het Fries weerspiegelt en het gebruik ervan in sommige scholen voor alleen leerlingen die het vak Fries volgen, wordt verplichting 8.1.g. beschouwd als zijnde gedeeltelijk uitgevoerd. Er wordt gezorgd voor basis- en bijscholing van docenten (8.1.h); het aantal docenten en leerlingen is echter zeer gering. In vergelijking met de vorige monitoringcyclus wordt de aandacht voor de evaluatie van de kwaliteit van het onderwijs van en in het Fries nog steeds vaak verwaarloosd en wordt dit slechts op periodieke basis en met tussenpozen van enkele jaren voorzien; artikel 8.1.i is dus slechts gedeeltelijk uitgevoerd. [...]

2.1.2 Aanbevelingen door de expertcommissie over het verbeteren van de bescherming en bevordering van het Fries in Nederland

De expertcommissie moedigt de Nederlandse autoriteiten aan om alle verplichtingen in het kader van het Europees Handvest voor regionale talen en talen van minderheden na te komen die niet als "uitgevoerd" worden beschouwd (zie punt 2.1.1 hierboven), en om de verplichtingen die wel zijn uitgevoerd, te blijven naleven. Daarbij dienen de autoriteiten in het bijzonder rekening te houden met de onderstaande aanbevelingen. De aanbevelingen van het Comité van Ministers van de Raad van Europa over de toepassing van het Handvest in Nederland ^[15] blijven volwaardig van kracht. De aanbevelingen die in het kader van de monitoringprocedure van het Handvest worden gedaan, zijn bedoeld om de autoriteiten te ondersteunen bij het uitvoeringsproces.

I. Aanbevelingen die onverwijld moeten worden opgepakt

- a. **Verhogen van het aantal lessen van en in het Fries in het primair onderwijs alsmede het aantal scholen in het voortgezet onderwijs met Fries in het lessenpakket**

II. Verdere aanbevelingen

- b. Bevorderen van deelname aan de lerarenopleiding om tegemoet te komen aan de behoefte om Fries te onderwijzen.
- c. Ervoor zorgen dat het onderwijs van de geschiedenis en de cultuur in het Fries aan alle leerlingen wordt aangeboden.
- d. Ervoor zorgen dat de bestaande schoolinspectie zich voldoende richt op het Fries.
- e. Versterken van het gebruik van het Fries in de gezondheidszorg, zowel in de ouderenzorg als in de ziekenhuizen.
- f. Ervoor zorgen dat in alle relevante rechtszaken het Fries kan worden gebruikt. (s. 16)

Klik op: <https://rm.coe.int/ecrml-netherlands-6th-evaluation-report/16809f023f> om de Ingelsktalige 6^{de} rapportaazje te iepenjen.

2.1.2 Recommendations by the Committee of Experts on how to improve the protection and promotion of Frisian in the Netherlands

The Committee of Experts encourages the authorities of the Netherlands to comply with all undertakings under the European Charter for Regional or Minority Languages which are not considered “fulfilled” (see under 2.1.1 above), as well as to continue to comply with those that are fulfilled. In doing so, the authorities should take particular account of the recommendations set out below. The recommendations by the Committee of Ministers of the Council of Europe on the application of the Charter in the Netherlands [\[15\]](#) remain valid in their own right. Recommendations made in the monitoring procedure of the Charter aim to support the authorities in the implementation process.

I. Recommendations for immediate action

- a. **Increase the number of teaching hours of and in Frisian at primary level as well as the number of secondary schools with Frisian in their curricula.**

II. Further recommendations

- b. Promote participation in teacher training to meet the need for teaching Frisian.
- c. Ensure the teaching of the history and culture reflected by Frisian to all students.
- d. Ensure that the existing school inspectorate sufficiently addresses Frisian.
- e. Strengthen the use of Frisian in the health sector, both in care for the elderly and in hospitals.
- f. Ensure that in all relevant judicial cases, Frisian can be used. (s. 16)

Reports and Recommendations (oanfolgjende ynformaasje)

Under the terms of its Article 15 (1), each State Party is required to present its first report “*within the year following the entry into force of the Charter with respect to the Party concerned, the other reports at three-yearly intervals after the first report*”. Following a reform to strengthen the Charter's monitoring mechanism adopted in November 2018 by the Committee of Ministers, States Parties to the Charter must present to the Council of Europe, as from 1 July 2019, a comprehensive periodical report on the application of the treaty every five years and then two and a half years thereafter information on recommendations for immediate action. Following receipt of the periodical report, a delegation from the Charter's Committee of Experts then visits the country to be able to speak with minority language non-governmental organisations (NGOs) and the government authorities in order to evaluate whether measures have been put in place and also whether they have worked.

A Party may submit comments on the Committee of Experts' evaluation report within two months of its transmission to the State authorities. In these comments, the Party may ask the Committee of Experts for a confidential dialogue, which functions according to rules established by the Committee of Experts. Where the Party does not ask for a confidential dialogue, the evaluation report, together with any comments received from the Party, will be published on this website upon expiration of the two-month deadline where the Party does not submit comments, or upon receipt of the Party's comments, whichever is the earlier date.

[Learn more about the reform](#)

Klik op: [https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/reports-and-recommendations#%2228993157%22:\[13\]](https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/reports-and-recommendations#%2228993157%22:[13]) foar mear ynformaasje oer de rapporten en oanbefellings fan de Ried fan Europa.

Der binne minimaal trije knyppunten as it om it Hânfêst (kêst 8) giet. Dan giet it om:

1. it 'substantial part' ('aanmerkelijk deel', kêst 8, lid b.ii) fan it Frysk yn it ûnderwiis (dus ek foar it Frysk as fier- en ynstruktjestaal) sa gau mooglik folslein en effektyf út/yn te fieren;

2. de *Wet op de Expertizesintra* (WEC) op it stik fan it Frysk (is dêr noch fakultatyf) oan te passen oan de ferplichtings út it *Hânfêst* en dat wer folslein en effektyf út/yn te fieren;
3. it ûnderwiis yn de *Fryske skiednis* (= skiednis fan de Friezen, lid g) folslein en effektyf út/yn te fieren (mei help fan nij te ûntwikkeljen leardoelen, learplannen en yntegrale learmiddels).

Der sil ek kritysk sjoen wurde moatte nei de *wetjouwing* foar it Frysk út 2014. De saneamde *Beliedsregel 2015* fan de provinsje Fryslân sjit as útfiering fan it *Hânfêst* sterk tekoart. Dy is net echt demokratysk en jout de skoallen it foech om de ‘ferplichting’ neffens har eigen ynsjoch op te fetsjen en jout har troch de wetlike ‘*draachflak*’-konstruksje en de *taalgebrûksifers* fan de skoalomjouwing gâns romte en gelegenheid om it op in sêft sin te setten mei *lykweardich* ûnderwiis yn it Frysk en om *kearndoelen* foar it Frysk te skrassen.

Der binne lykwols noch **mear** swierwagende (wetlike) knyppunten dy’t soargje foar it ûnfolweardich/ûnlykweardich plak fan it Frysk by/yn it *beropsûnderwiis* en fan it Frysk as *eksamenfak* (in ferplichting foar alle learlingen (yn Fryslân), lykas by it Hollânsk en it Ingelsk, is der noch net) yn it reguliere fuortset ûnderwiis. De lykweardigens/lykberjochtiging mei it Hollânsk en it Ingelsk mist folslein en dat liket ús diskriminaasje fan folk, taal en skiednis.